



**FERDWAALD YN NEW YORK**  
(Lost in Yonkers)

In toanielstik fan

**NEIL SIMON**

Winner PULITZER PRIIS foar drama 1991

Fryske oersetting

**Gurbe Dijkstra**

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.  
(Grimas Theatergrime verkoop)  
Tel: 072 - 5 11 24 07  
E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)  
Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## WARSKÔGING:

Alle amateurferienings dy 't it stik: **FERDWAALD YN NEW YORK, LOST IN YONKERS** opfiere sille, moatte yn alle programmaboekjes, posters, advertinsjes en eventuele oare publikaasjes de folsleine namme fan de oarspronklike auteur: NEIL SIMON neame. De namme fan de auteur moat stean op in aparte rigel, wêr't gjin oare namme brûkt wurdt. Direkt dêr achteroan de titel fan it stik, folge troch in rigel mei de oarspronklike titel. De namme fan de auteur mei net minder grut wêze as 50% fan de lettergrutte fan de titel.

Ek moat neamd wurde dat de opfiering jûn wurdt mei spesjale tastimming fan it I.B.V.A. "HOLLAND" B.V. te Alkmaar

Copyright: 1991 by Neil Simon

Copyright Frisian translation: 2002 by Neil Simon

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige en/of iepenbier makke wurde troch middel fan printsjen, fotokopy, byldbân, fideobân, of op welke oare wize dan ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan it I.B.V.A. "HOLLAND" B.V. te Alkmaar, welk buro út namme fan de útjouwer handelt.



Bezoek ons **Web**  
op het

[www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)  
e-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

## **OPVOERINGSVOORWAARDEN**

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het

**Auteursrechtenbureau I.B.V.A. "HOLLAND" B.V. - Alkmaar**

**Telefoon 072 - 5112135**

**Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) - Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)**

**ING Bank: 81356 - IBAN: NL08INGB0000081356 – BIC: INGBNL2A**

Om in het bezit te komen van deze vergunning dient u zich aan de volgende voorwaarden te houden:

- a. de aankoop van minimaal **7** tekstboekjes bij de uitgever;  
**alsmede**
- b. betaling van een bedrag aan auteursrechten aan bovengenoemd bureau.

Let wel!

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de schrijver van het toneelwerk, van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

**Hoe moet een vergunning voor opvoering worden aangevraagd?**

- U zendt de aanvraagkaart/tevens bewijs van aankoop, u bij de leverantie verstrekt - ingevuld met de nodige gegevens - in aan bovengenoemd bureau.

- U ontvangt daarop bericht welk bedrag aan auteursrechten moet worden betaald. Na uw betaling wordt u de vereiste opvoeringvergunning toegestuurd.

Denkt u erom dat u de betaling op tijd doet, zodat u op de dag van opvoering in het bezit bent van de vereiste vergunning.

**Vergunning tot HER-opvoering(en):**

- Schriftelijk of telefonisch aan te vragen bij bovengenoemd bureau.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen twee weken voorafgaand aan de voorstelling. (zie ook de website)**

Voor BELGIË wende men zich **ALLEEN** tot Toneelfonds JANSSENS

afd. Auteursrechten, Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN

Telefoon (03)3.66.44.00. Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid rechten van u te claimen, noch te innen.

## **PERSOANEN:**

Jay – jonge man, sawat sechtjin jier

Arty – trettjin en in heal jier

Eddie – man, ienenfjirtich jier

Bella – frou, fiifentritich jier

Beppe Kurnitz – frou, ergens yn de santich

Louie – man, seisentritich jier

Gert – frou, mids of achter yn de tritich

## **DEKOR:**

New York, 1942. In appartemint boppe “Kurnitz’s Snobberswinkel”. It bestiet út in sitkeamer, ytkeamer, in lytse keuken, in badkeamer en twa sliepkeamers. Troch de foardoar komt men fia de ûnderferdjipping direkt yn de snobberswinkel.

## EARSTE BEDRIUW

### Earste sêne

*(at it doek opgiet is it sawat healwei sânen jûns op in hite, brodsige dei yn Augustus. It is noch ljocht bûten. Yn de sitkeamer, wêr 't in fentilator koele lucht blaast, binne twa jonges. Arthur Kurnitz is sawat trettjin en in heal. Hy sit yn in âlde leunstoel en sjocht wat eangstich om him hinne. Hy hat in wollen pak oan, it iennige dat er hat, de pipen fan de broek komme oant krekt ûnder de knibbels, (Knickerbocker) in oerhimd, strik, lange sokken en brune skuon. De oare jonge is syn broer, Jay Kurnitz, noch krekt gjin sechtjin. Hy sit op de sofa, ek yn in pak, mar mei lange broekspipen, oerhimd, strik en glimmende swarte skuon. Hy sjocht er earder liik út as eangstich. Arty faget konstant syn beswitte foarholle ôf mei in bûsdoek)*

JAY: Ik haatsje it hjir, do net?

ARTY: *(sit foar de fentilator)* It is hyt. It is hjir gleonhyt.

JAY: Al wie 't kâld, dan noch soe ik 't hjir haatsje. Heit komt hjir ek net graach, en it is noch wol syn eigen mem... Doe 't ik noch lyts wie, wie ik hiel bang foar har. Dan kaam se altyd hinkjend troch dy doar en se seach as at se dy wol smoare koe. Doe 't ik fiif wie, ha ik es in tekening fan har makke. Ik neamde it "De Beppe fan Frankenstein".

ARTY: Hat se dy oait sjoen?

JAY: At dat sa wie, hiesto no iennichst bern west. Heit sei dat se sa fluch mei har stôk úthelje koe, dat se by de bêste golfers fan de wrâld sitte kinnen hie.

ARTY: It iennige dat ik my noch yn 't sin bringe kin is, dat ik it ôfgrysliek fûn at ik har in tút jaan moast. Dat fiede as atst dyn lippen op in ronfelige iisklompe settest.

JAY: Ja, en kâld is se. Se wie de iennige op mem har begraffenis dy 't net gûlde... Ik freegje my ôf wêr 't heit salang mei har oer praat.

ARTY: Se is doch dôf oan ien ear?

JAY: Ja... Is it dy wol es opfallen dat er oan elkenien út heit syn famylje wol wat mankearret? Dat sei mem altyd.

ARTY: Dat hat se tsjin my noait sein. Wa dan allegear?

JAY: Allegear dus. Sa as bygelyks: Muoike Bella... Se is in bytsje... *(wiist op de foarholle)* do witst wol... kirewyt.

ARTY: Dat kin my neat skele. Ik fyn har aardich. In stik aardiger as Beppe.

JAY: Ik sis net dat se net aardich is. Mar se hat se net allegear op in rychje... Mem sei dat it troch froeger kaam, doe 't se noch lyts wie.

Beppe sloech har altyd op 'e holle at se wat stoms die... wat har fansels allinne noch mar stommer makke.

ARTY: *(giet op de flier lizzen, foar de sofa)* Se wie oars hielendal net stom yn it meitsjen fan hearlike sorbets.

JAY: Hoera! Fantastysk! Se is fiifentritich en se kin geweldige sorbets meitsje! Ik tink net dat je it diploma fan de middelbere skoalle helje troch op de goede manier de fruchten troch it iis te mingen.

ARTY: Is se dan wol nei de middelbere skoalle west?

JAY: Ja. Allinne it earste jier hat se mist omdat se de skoalle net fine koe. *(de doar fan de sliepkeamer giet iepen. Harren heit, Eddie Kurnitz, ienenfjirtich jier, komt de keamer yn. Hy hat in pak oan en in strik foar en sjocht er hyt en nerveus út. Hy faget oer de foarholle mei in bûsdoek)*

EDDIE: Alles goed, jonges?

JAY: Ja, Heit. Prima.

EDDIE: Ik bin sa útpaat mei Beppe. *(tsjin Arty)* Wêrom leist op 'e flier? Net dwaan, Arty. Sa wurdt dyn broek hielendal knûkerich. Wolst dat Beppe dy sa aansen sjocht yn in knûkerige broek? *(hy giet de sliepkeamer wer yn, docht de doar achter him ticht)*

ARTY: *(giet oerein)* Wat wol er no, hie ik soms in strykizer meinimme moatten?

JAY: Hy is like bang foar Beppe as Muoike Bella. Omdat Muoike Bella net sa goed telle kin, die se gjin twa, mar wol es trije as fjouwer boltsjes iis yn de sorbet. En dat foar deselde priis. En at Beppe dat dan seach, dan... Whamm!!! Wer in pear punten fan har IQ nei de moanne. *(pakt in foto achter de sofa wei op)* Hjir, sjoch. Muoike Gert doe 't se noch lyts wie. Moatst sjen hoe 't se de holle bûgd hat. Op syn moaist dûkt se krekt fuort foar de kruk fan Beppe dy 't altyd mar yn 't rûn swaaide... Tinksto net dat Muoike Gert ek in bytsje kirewyt is?

ARTY: Nee, se is gewoan siik. Se hat minne longen of sokssawat.

JAY: Minne longen, ammehoela. Se kin net normaal prate. De earste helte fan de sin seit wylst se útazemt, en by de twadde helte azemt se yn. Dat hast doch sels sjoen.

ARTY: Doch es foar.

JAY: Nee, dêr ha 'k no gjin sin yn.

ARTY: Ah, toe no.

JAY: Nee, ik wol net.

ARTY: Toe no!

JAY: *(imitearret syn Muoike Gert. Hy azemt út)* "Oh, hallo, Jay, hoe is 't mei dy? En mei jim heit? En... *(praat no fierder wylst er ynazemt)* ...hoe is 't mei dyn broerke Arty?

ARTY: *(laket)* Prachtich! Do kinst har goed neidwaan!

JAY: Ik seach es dat se in kears útblaasde, en healwei sûge se 'm wer oan.

ARTY: Net wier.

JAY: Mei eigen eagen. Mem seit dat se sa praat omdat se bang is foar Beppe. Se woe noait ha dat de bern gûlden.

ARTY: Noait?

JAY: Noait.

EDDIE: *(komt de sitkeamer wer yn)* Beppe wol dat jim útsjogge mei de kleedsjes. Hingje der net mei de holle tsjin oan. Dan wurde se hielendal fet. Se hat se krekt stome litte. *(hy giet de sliepkeamer wer yn)*

ARTY: *(tsjin Jay)* Dus je meie hjir allinne sitte at je je hier krekt wosken ha?

JAY: En wat tochtst fan Omke Louie? Do witst doch wat er is, of net?

ARTY: Ja, in gangster. Leausto dat?

JAY: Seker witte. Se sizze dat hy er oan de ta nekke yn sit.

ARTY: Hat er wat mei de nekke?

JAY: Nee, ik bedoel dat it in echte gangster is... Hy giet oer it swarte jild.

ARTY: Hoe bedoelst, swart jild? Moat er dat dan waskje of sa?

JAY: Nee, ik bedoel yllegaal jild. Hy moat soargje dat...

ARTY: *(sjocht ta it rût út)* Hee! Dêr is Muoike Bella...

JAY: Komt se nei boppen?

ARTY: Nee, se rint hjir lâns.

JAY: Se sil wol wer ferdwaald wêze. *(hy sjocht ta it rût út, ropt nei ûnderen)* Muoike Bella?... Hallo?... Wy bin hjir! Jay en Arty! *(hy wiuwt nei har)* Krekt. Hjirboppe. Se komt er oan. *(se rinne by it rût wei)* Se soe eins in kompas hamoatte! *(de doar fan de sliepkeamer giet iepen. Eddie komt wer op)*

EDDIE: Kinne jim wat minder lûd prate? Beppe frege al wêrom 't jim sa raasden.

JAY: Wy rôpen Muoike Bella. Se komt boppe.

ARTY: Mei ik myn jaske útdwaan?

EDDIE: At Beppe dy earst sjoen hat. En gjin sorbets fan Muoike Bella. Sels net at se jim ien oanbiedt. Ik wol net dat Beppe no in min sin krijt. Lis dy kleedsjes es rjocht.

JAY: Is alles goed mei har?

EDDIE: Se hat lêst fan de rêch. At Muoike Bella boppe komt, sis dan mar dat se Beppe massearje moat... Kam dyn hier, Arty, en meitsje asjebleaft gjin troep. *(Eddie giet de sliepkeamer wer yn. Der wurdt op de doar kloppe)*

BELLA: (*achter*) Jay? Arty? Ik bin 't. Muoike Bella. Mei 'k er yn komme?

JAY: Is se no ek al fergetten hoe 't se in doar iepen krije moat? (*Jay docht de doar iepen. Bella Kurnitz, mids tritich, stiet yn de doar. Se hat klean oan dy 't totaal net by elkoar passe; nettsjinsteande dat makket se in kreaze, leave, oantreklike yndruk. Se sjocht er wat âlder út as dat se werklik is. Se is sympatyk en waarm, mar emosjoneel nochal yn de war*)

BELLA: (*glimket*) Ik wie de kaai fergetten.

JAY: Hoe bin jo er dan yn kommen?

BELLA: Ik ha myn reserve kaai brûkt. Ik bin bliid datst my rôpst. Ik rûn it hûs samar foarby, of net? Soms deidream ik safolle, dat ik er oer tink om in wekker mei te nimmen... Oh, God, wat bin ik bliid dat ik jim sjoch. Arty! Jay! Myn beide leafste nichtsjes.

JAY: Wy binne doch jo neefkes?

BELLA: Fansels. Myn nichtsjes, myn neefkes, myn jonges. Kom hjir es, jou jim Muoike Bella es in tút. (*se set har tas del, lûkt Jay en Arty yn har earmen en hellet harren oan*) Lit my jim es besjen. Jim bin beide sa grut wurden. It giet sa hurd, ik moat er suver fan gûle... Wêr is jim heit? Ik ha jim heit al salang net sjoen... (*ropt*) Eddie! Ik bin thús! Ik bin 't, Bella!... Is hy er eins wol?

ARTY: Hy is dêrbinnen, hy praat mei Beppe.

BELLA: (*ynienen nerveus*) Oh, dan kin ik se mar better net steure... Hat se noch nei my frege?

JAY: Heit sei dat har rêch sear die. Se woe graach dat jo har in massaazje joegen at je thúskamen.

BELLA: Oh. Hast al sein dat ik er bin?

JAY: Nee. Jo bin er ommers krekt?

BELLA: Ha jim har dan ferteld wêr 't ik west bin?

JAY: Wy witte net wêr 't jo west binne.

BELLA: Litte we dan noch mar net sizze dat ik er bin, oars ha ik hielendal gjin tiid mear foar jim. (*se lûkt har trui út*) Oh, wat wurde jim allebeide kreas.

JAY: Tanke.

ARTY: Tanke, Muoike Bella.

BELLA: Yn jim eagen sil ik wol hiel âld lykje, of net? Sis it mar earlik.

JAY: Ik fyn fan net.

ARTY: Nee.

BELLA: Ik hope al dat jim dat sizze soene. Ik bin fiifentritich. Mar dat is net te sjen, hin?

JAY: Nee.

ARTY: Nee, hear.

BELLA: En hoe âld bin jim no? Tweintich?



ARTY: Ik bin trettjin en in heal.

JAY: En ik bin fyftjin en in heal.

BELLA: Och, dat is by elkoar opteld ek sawat fiifentritich. We soene maklik broers en susters wêze kinne, fine jim ek net?

JAY: Hm hm.

BELLA: Ja... Ik bin krekt nei de film west. It wie geweldich. Hie 'k mar witten dat jim er wiene, dan hiene we mei syn allen hinne kinnen.

JAY: Nei welke film bin jo west?

BELLA: Ik wit it net. Ik koe de bioskoop dêr 't ik hinne woe net fine, dus doe bin ik mar nei de bioskoop gongen dy 't ik wol fine koe. Mar it wie noch better as dy bioskoop wêr 't ik earst hinne woe. Dizze wie mei Bette Davis en George Brent... Miskien kin we nije wike wol mei elkoar gear, at ik teminsten de ferkearde bioskoop wer fine kin.

ARTY: Ja. Goed idee.

BELLA: Wêrom dogge jim de jaskes net út? Jimme switte as oandragers.

ARTY: Hoecht net. It is bêst koel hjir mei dy fentilator.

BELLA: Yn de bioskoop hiene se ek airconditioning. Ik hie it gewoan kâld. Mar ik fûn it wol moai foar de akteurs dat er airconditioning wie.

JAY: (*sjocht nei Arty, dan nei Bella*) Ik tink net dat de akteurs dêr folle fan merke. It bin mar bylden op in skerm.

BELLA: Dat wit ik doch wol, gekky. Ik bedoel dat de akteurs wol bliid wêze sille foar it publyk dat it lekker koel yn de seal wie.

JAY: Oh, ja. Grif wol.

BELLA: En ik wit, tink ik, ek wol wêr 't jim lekker fan ôfkuolje sille. Wat tochten jim fan in sorbet de lúkse? Mei alles derop en deroan? Sjoch dy gesichten doch es opklearjen. Kom mar ûnder, dan meitsje ik ien foar jim.

JAY: Ik tink dat wy hjir wachtsje moatte. Heit komt sa wer en dan moatte we nei Beppe.

BELLA: Goed, dan bring ik se hjir wol. Gjin probleem. Welke smaak? Sûkelarje? Fanylje? Wâlnút? Wat is dyn leavelingsmaak, Arty?

ARTY: Allegear.

BELLA: Dat kin ek. Mei trije ferskillende soarten iis. Ik ha se wol es mei fjouwer ferskillende smaken makke. Se ferkochten hartstikke goed, mar it hat in soad jild koste.... Hoe lang is dat lyn dat se nei my frege?

JAY: Beppe?... In pear minuten.

BELLA: Ha jim har sein dat ik al thús wie?

JAY: Nee, we ha allinne tsjin heit sein dat we jo sjoen hiene. Mar miskien hat hy neat tsjin har sein.

BELLA: It makket ek neat út. Se hat my allang de trep op kommen heard.

ARTY: Hoe kin dat no. Se is doch dôf oan ien ear?

BELLA: Ja, mar mei it oare heart se dûbel... In lyts sorbetsje dan? Sûkelarje iis mei slachrjemme en stikjes wâlnút. Woest dêr nee tsjin sizze, Arthur? Ik doar te wedzjen datst dat net iens kinst. Sis es “nee”.

ARTY: (*sjocht net Jay*) It klinkt as in lytske.

JAY: (*tsjin Bella*) It mei net. We moatte aansen ite. Heit hat sein dat we hjir wachtsje moasten.

BELLA: Oh, jim heit. Dy nimt noait wat fan in oar oan. Ik mocht jim mem noch net in kopke kofje oanbiede... Wisten jim dat?... Wêr is se trouwens?

JAY: (*yn de war*) Se is dea. Mem is dea.

BELLA: (*sjocht in tel net begripend*) Ja... Dat wit ik wol... Ik bedoel, wêr is se begroeven?

JAY: Op it Mount Israel Tsjerkhûf yn de Bronx. Jo ha sels op de begraffenis west, witte jo noch wol?

BELLA: Bedoelst de earste kear?

JAY: Hoe bedoele jo “de earste kear?”

BELLA: Doe ‘t ik mei de auto kaam. Net mei de bus.

ARTY: De bus?

BELLA: (*tinkt nei*) Nee... Nee. Ik tocht oan ien oars. Soms dwale myn gedachten wat ôf. De bern op skoalle seine ek altyd: “Hee, Bella, de ôfdieling “gevonden voorwerpen” hat belle... oftst dyn ferstân op heljen kaamst”... (*se laket*) Mar dat fûn ik net grappich. (*de jonges knikke*) Jim sille jim mem wol slim misse, of net? Of net, Arty?

ARTY: Ja. Hiel slim.

BELLA: Se like in bulte op jim heit. Hiel ûnôfhinklik. Hong mear oan har eigen famylje. (*se praat wat sachter*) Se koe net sa goed mei jim Beppe opsjitte. Gjin ien, trouwens. Myn suster, Gert, hat es ferloofd west mei in man. Se naam him mei nei hûs om yn de kunde te kommen mei Beppe. De oare deis is er nei Boston ferhuze.

JAY: Wat slim.

BELLA: Sis mar net tsjin Beppe dat ik it sein ha.

ARTY: Dat sil ik net dwaan.

BELLA: Jim bin beide sa ferlegen. Dat wie ik froeger ek. Jim Beppe hold er net fan at ik tefolle prate... Ik hie in soad freonen, mar prate dien we amper... Wat spitich dat jim mem net mear bern krije koe... Se hat doch net mear bern krige, of wol?

JAY: Nee.

BELLA: Nee... want dan soe it no makliker foar jim west ha dat se der net mear is. In grut gesin kin in soad foar dy betsjutte atst it muoilik hast... Ik kom út in grut gesin... Ik en jim heit en Louie en Muoike

Gert... Foardat Rose en Aaron stoaren... Rose wie noch mar in baby, Aaron wie al tolve doe 't er dea gong, dus koe ik Rose sa goed net as Aaron... Jim ha har noait kinnen, hin?

JAY: Ik leau dat wy er doe noch net wiene.

BELLA: Nee, dat tink ik ek net... Us heit stoar foardat ik geboaren bin, mar dêr bin ik net bot fertrietlik om west.

JAY: Gelokkich mar.

BELLA: Omdat ik safolle fan him hold. Wisten jim dat je in protte fan ien hâlde kinne dy 't al dea is foar 't je geboaren wurde?

JAY: Ja, miskien wol.

BELLA: Want ik wist dat er foar my soargje woe. Krekt as jim heit foar jim soarget. Begripe jim?

JAY: Ik leau it wol.

BELLA: Ja... Dus hoe sit it no mei dy sorbet? Hy raant allinne mar at ik 'm meitsje en do ytst 'm net op... De lêste kear dat ik it freegje, Arthur. Ja of nee?

ARTY: Ik... Ik soe wol wolle... *(hy sjocht nei Jay, dy skoddet "nee")* Aansen miskien.

BELLA: *(snaut, kil en kâld)* NEE, NET AANSEN!!! NO IS IT TE LET!!!...Ik freegje it dy net wer. Jim dogge my sear, jim allebeide. Freegje mar oan jim heit at er jim bettere manieren bybringe wol, oars bin ik noait wer aardich foar jim... Ik wit wol dat jim jim mem misse, mar dat betsjut noch net dat jim my sûnder respekt behannelje kinne... Ik fûn jim mem altyd aardich, oft se no kofje woe as net. Sis dat mar tsjin jim heit, hearre jim my?... Ik bin it mear as sêd. *(se giet de badkeamer yn en slacht de doar hurd achter har ticht. Jay en Arty sjogge elkoar oan)*

JAY: Begrypst no wêrom 't ik hjir net graach kom? *(de doar fan de sliepkeamer giet iepen en Eddie komt op. Hy sjocht er ôfmêde út en sjocht om him hinne)*

EDDIE: Wêr is Muoike Bella? Ik miende dat ik har krekt hearde.

JAY: Se is yn de badkeamer.

EDDIE: Ik hearde de doar tichtslaan. Ha jim wat sein dat har fan streek makke hat?

JAY: Ja. Sa'n bytsje alles.

ARTY: Gean we sa fuort, heit?

EDDIE: Wy gean fuort at ik it sis. Jim ha jim Beppe noch net iens sjoen. Sit my net sa op te jeien. We bin der krekt. *(kloppet op de doar fan de badkeamer)* Bella! Ik bin 't, Eddie! Mem wol datst by har komst. Har rêch spilet wer op!... Bella? *(gjin antwurd. Tsjin de jonges)* Is alles goed mei har?

JAY: Wannear wit je at alles goed mei har is?

EDDIE: Hee! Ik wol gjin opmerkingen oer Muoike Bella hearre, begrepen? Se hâldt fan jim, altyd al. Dus bliuw sitten en hâldt jim koest. God, myn holle barst sawat útelkoar. *(hy giet de sliepkeamer wer yn, docht de doar achter him ticht. De doar fan de badkeamer giet iepen en Bella komt op, hat in handoek en oalje by har)*

BELLA: Stie jim heit sakrekt op de doar te bûnzjen?

JAY: Ja.

BELLA: Is hy liik op my?

JAY: Op jo? Nee.

BELLA: Ik hoopje fan net. Sjoch ik er al wat better út?

ARTY: Better as wat?

BELLA: Better as earst. Doe 'st seist dat ik er net goed útseach.

ARTY: Dat ha ik hielendal net sein.

BELLA: Wa hat dat dan sein?... Jay?

ARTY: Miskien. Hasto dat sein, Jay?

JAY: Gjinien hat wat sein.

BELLA: Oh, ik wit it alwer. It wie Beppe. It befoel har net sa 't ik er hjoed útseach... Se hat in hekel oan dizze jurk. Ik ha 'm sels makke.

ARTY: Echt wier?

BELLA: *(knikt)* Ik bin der hast in jier mei dwaande west.

JAY: ...Beppe hat nei jo frege, Muoike Bella.

BELLA: Oh, ja... At ik klear bin mei massearjen, sil ik es mei it iten begjinne... ha jim honger?

ARTY: Ik wit it net, Jay?... Sis do it mar.

JAY: Ik bin der net wis fan at wy hjir wol bliuwe te iten.

BELLA: Fansels al. Tinke jim dat ik jim mei in lege mage nei hûs stjoere sil?... Woene jim soms wer "nee" tsjin my sizze. Arty?

ARTY: *(fluch)* Nee. Ik wol wol iten. Ik ha honger. Wat Jay ek seit, ik bliuw te iten.

BELLA: No, wy krije allegear iten. It is snein hjoed... En tink mar fêst nei oer watst nei ha wolst, Arty, want dyn winsk is myn befoel... Begjin mar fêst te tinken.

ARTY: Ik bin al begûn! Ik bin al begûn! Ik wol in grutte sorbet mei slachrjemme en waarme karamelsaus. Is dat goed?

BELLA: Dat klinkt my as muzyk yn de earen. En Jay krijt neat. Hy hat syn kâns ferspille. *(se drukt har noas even tsjin dy fan Jay en giet de sliepkeamer fan Beppe yn)*

ARTY: *(tsjin Jay)* Net liik op my wêze. Ik moast it wol sizze. Oars hie se my smoard mei dy handoek.

JAY: It hinget fan heit ôf. We sjogge wol wat heit seit. *(Arty giet op de sofa lizzen. De doar fan de sliepkeamer giet iepen. Eddie komt op. Hy sjocht er spand út... Hy rint nei it iepen rûd en azemt dúdlik te*

*hearren djip yn en út)*

EDDIE: Jay! Wolst asjebleaf in glês wetter foar my helje?

JAY: Ja, heit. *(hy fljocht nei de keuken)*

EDDIE: It is hjir minstens fjirtich graden. *(hy sjocht Arty oan)* Doch dy skuon fan de bank, wat mankearret dy?

ARTY: *(docht de fuotten fan de bank)* Ik fiel my in bytsje flau.

EDDIE: Flau?... Bern fan dyn leeftiid fiele har net flau.

ARTY: Miskien bin ik gjin bern mear.

JAY: *(komt op mei in glês wetter)* Asjebleaf, heit. Lekker koel wetter.

EDDIE: Net op it kleed grieme. *(hy nimt it glês oan en drinkt. Set it glês del)* Goed... Tiid om te praten. Gean sitten, Jay. Neist Arty. *(Jay giet op de sofa sitten, neist Arty. Eddie giet op de stoel sitten. Hy tinkt nei oer hoe 't er begjinne sil)* Ik eh... Ik woe jim sizze... *(ynienen krijt er in ynsinking. De triennen springe him yn de eagen. Hy besiket gau om se te ferbergjen. Faget oer de eagen. Rint nei it rût om wat lucht te krijen)*

ARTY: Is er wat, heit?

EDDIE: It is ek sa ferdomde hyt hjir. Mar goed, ik ha dus even mei jim Beppe praat dêrbinnen... omdat ik mei in probleem sit. At jim mem en ik in probleem hiene, besochten we dat altyd foar jim ferburgen te hâlden, want wy woene jim net ûngerêst meitsje... Mar je kinne kanker net foar ivich geheim hâlde... Jim wisten it al foardat ik it sei, netwier, Jay?

JAY: Ja, heit.

EDDIE: Ik ha alles dien wat ik koe. De bêste dokters, de bêste sikehuzen... Se hie in moaie keamer. Hast privee...

JAY: Dat wit ik wol, heit.

EDDIE: Wy bin gjin rike minsken, jonges. Ik wit wol dat it net nij foar jim is... Mar ik moat jim no wat sizze wêrfan ik hope hie dat it noait noadich wie. De dokters en de sikehuzen ha my myn lêste jild koste... Ik wie lut en ha doe jild liend... fan in man, partikulier. Ik koe net by in bank of ynstelling terjochte, want dêr jildt fertriet en in brutsen hert net as ûnderpân... Mar foar dy aasgier, dy 't er syn berop fan makke hat tsjin woekerwinsten jild te lienen oan minsken dy 't wanhopich binne, wie dat in poerbêste ynvestearring. Dyn wanhoop is syn ûnderpân... Dus jout er dy jild... en hy hat in klok... en dy klok begjint te rinnen atst net op tiid werom betellest... En nei in skoftke tikket dyn hert lûder as syn klok. Ien ding moat jim goed begripe. Dizze man hold jim mem yn libben... Troch syn pillen wiene har lêste dagen draachlik... En dêr bin ik tankber foar... Jay! Witst noch wat ik dy leard ha oer it oannimmen fan dingen fan oaren?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**